

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sybren Posthumus
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	27 maaie 2020
Wurklistpunt	Sjenswize begrutting 2021/wizige begrutting 2020 SNN
Koarte titel fan de moasje	Takomstige finansiering fan SNN
De Steaten, yn gearkomste byien op de 27 <sup>e</sup> fan blommemoanne 2020 heard hawwende de rieplachting; konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none"><li>• der yn de kommende tiid sprake is fan beslútfoarming oer in nije finansieringsstruktuer fan SNN</li><li>• de finansjele reserves en budzjettêre mooglikheden foar de provinsje Fryslân ferminderje en ek net geunstiger lykje te wurden de kommende jierren</li><li>• yn de eigen útgongspunten foar de provinsjale begrutting (DS stik fan 21 april 2020) der rekken hâlden is mei beheinde priisûntwikkelings foar de Mienskiplike regelingen</li><li>• De jierlikse bydrage fan de provinsje Fryslân oan SNN tusken 2015 en 2021 neffens de fêst te stellen begrutting 2021 al tanommen is € 533.000 nei € 816.000 (53% ekstra yn 6 jier tiid).</li></ul>	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none"><li>• mei it each op boppeneamde konstatearings der skerp oan de wyn syld wurde moat</li><li>• dat mei de oare 3 management-autoriteiten (West, East en Súd) in berop dien wurde kin op it Ryk foar kofinansiering</li><li>• in slanke útfieringsorganisaasje altyd útgongspunt west hat by SNN</li></ul>	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none"><li>• Yn de petearen en ûnderhannelings oer de nije finansieringsstruktuer fan SNN yn te setten op in slanke útfieringsorganisaasje fan subsydzjes mei lege útfieringskosten</li><li>• PS op de hichte te hâlden oer it ûnderhannelingsproses oer de nije finansieringsstruktuer</li></ul>	
en gean oer ta de oarder fan de dei	

MOASJE

## MOASJE

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP, S. Posthumus
---------------	--